



**Christen
Unie**
Noardeast-Fryslân

LIBERAAL
NOARDEAST-FRYSLÂN

Jiertal / saaknûmer: 2025-149994

MOASJE

Art. 48 RfO

Moasje oer in net op de agenda opnaam ûnderwerp

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 5 juny 2025

Underwerp: Pilot ôfsluten Djipswâl yn Dokkum foar autos.

De ried,

heard it beried,

oerwaagjend dat:

- de Djipswâl har ûntwikkele hat tot in hoareka bûlevaar mei hoareka oan beide kanten;
- it taseine ferkearsprogramma foar Dokkum útsteld is oant ein fan dit jier;
- we as ried it toerisme befoarderje wolle;
- de besikers fan de Djipswâl no net feilich genôch op strjitte rinne kinne;
- it rûnridend ferkear fan auto's yn de binnenstêd net winsklik is en dat dit ferkear, de stêd net feiliger makket;
- it ienrjochtingsferkear faak oertrêden wurdt en der te min op hanthavene wurdt;
- it ofrûne jier stekken faak net pleatst wurde en dat dit útfierd wurde moat troch bygelyks ús hanthaveners;

fersiket it kolleezje:

- om fia in pilot de Djipswal yn Dokkum op alle dagen ôf te sluten foar autos yn beide rjochtingen yn july en augustus 2025, troch it pleatsen fan de besteande hikke;
- om hjirby taleveringsferkear wol mooglik te meitsjen;
- de toeristentrein hjir fan út te sûnderjen (fia in kaai fan't stek);
- it ienrjochtingsferkear nei de pilot yn septimber wer yn te stellen sa as no, mei op sneon en snein gjin autos fan beide kanten;
- boppesteande aksjes te realisearjen en hjir op te hanthavenjen;
- de útfiering fan dizze moasje te sjen as in pilot en yn oerlis mei bedriuwen en bewenners de tiden te bepalen,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: F. Breeuwsma (FNP), GB, CU, LNF

Stimming	Foar:	Tsjin:
Moasje ynlutsen		
